

Les 3

3.1. Stavering

Underwiislearmiddels: sjoch les 1.

3.1.1. Staveringsopdracht

Besykje om sûnder boarnen de neikommende wurden goed te staverjen troch de folgjende letters (bylûden en lûden) goed yn te foljen: *ll/lj; a/aa; e/ee; o/oo; i - y/ii/i*.

- | | |
|-------------------------------------|----------------------|
| 1. kar...on (klokkespul) | 16. uterl...k |
| 2. portefeui...e | 17. nijsgj...rr...ch |
| 3. tw... | 18. tillev...zje |
| 4. sjes... | 19. ant... |
| 5. widd... | 20. histoar...s... |
| 6. t...wetter | 21. taks... |
| 7. s...ën | 22. p...romaan |
| 8. mand...lich | 23. p...ram...de |
| 9. oer...mis | 25. pr...s |
| 10. t...br...kk...(stikken meitsje) | 26. pr...ske |
| 11. sl...p (Holl.: 'slap') | 27. t...dskrift |
| 12. kl...dde (in papierene pûde) | 28. h...t |
| 13. f...nke | 29. h...te |
| 14. f...nster | 30. pr...zen |
| 15. t...l...l...ns | |

As der flaters yn sitte, pak dan haadstik 3 (par 3.5.), 4 en 5 fan *Stavering* derby en lês dy troch. Ferbetterje de flaters.

3.1.2. Staveringsregels

Tink yn it Frysk om de folgjende regels:

1. De Frânske kombinaasje *-ill-* wurdt yn it Frysk útsprutsen as [lj] (benammen as it wurd al wat oaneigene is) of as [j]. Is de útspraak [lj] dan wurdt de skriuwwise *-lj-*. By de útspraak [j] wurdt it wurd stavere mei *-ill-*.

Foarbylden:

[lj]: *kariljon, pastylje, fanylje, gyljotine, eskadrylje* (= 3 fleantugen dy't yn in ferbân fleane), *batalje*;

[j]: *fûillearje, patrûille, bûillon, mûillearje, braille, maillot*.

2. Yn Frânske wurden as *vanille* (eins *vani* + *ille*) wurdt mar ien *i* skreaun. As *-ill-* yn it Frysk ferfongen wurdt troch *-lj-*, dan wurdt de net-skreaune *i* represintearre troch *i* [i] of *y*: *fanille, fanylje*.

Yn wurden as *coquille* (= yn in skulp optsjinne gerjocht), *jonquille* (= wyld titelroas) spilet ek noch mei dat de *u* by de *q* heart (*qu* wurdt stavere as *k* of as *kw*, al neffens de útspraak; sj. les 2). De stavering wurdt dan *kokille/kokylje, sjonkille/sjonkylje*.

Ut soarte hawwe wy foar *portefeuille* en *feuilleton* ek de eigen Fryske foarms: *portefûlje* en *fûljeton*. Wat sjogge jo as de bêste standertfoarm? Wêrom?

3. By wurden dy't sawol mei [lj] as mei [j] útsprutsen wurde, binne twa staverings mooglik: *emalje/emaille, eskadrylje/eskadrylle, gyljotine/gillotine*. Oan hokfoar foarm jouwe jo de foarkar om as standertfoarm te brûken en wêrom?

4. In haadregel foar de Fryske stavering is, dat yn beklamme wurdliiden de lûdtekens oanpast wurde oan de Fryske stavering: *ymbioaze, sympoasium*. Yn wurdliiden sûnder klam bliuwe de lûdtekens stean.

Foarbylden: *Amearika/Amerikaansk, anekdoatysk/aneddotyk, symboal/symbolisearje, karikatuer/karikaturaal, eroatysk/erotyk, harmoanysk/harmonisearje/promoator/promovearje*. Faak jout dat ûnderskied noch problemen by it staverjen.

5. Yn ûnbeklamme wurdliiden mei it *folle lûd* ek ferfongen wurde troch it in *e* [ə]: *famylje/femylje, fabryk/febryk, muzyk/mezyk, sjauffeur/sjefeur*.

De beide wurdboeken (WB-I en II) brûke allinnich de earste, folle foarms. Wat achtsje jo de bêste standertfoarm? Wêrom?

6. Wurden út it Ingelsk/Amerikaansk *meie* oanpast wurde oan it Fryske systeem. Wurden út oare talen as *Frânsk* en Ingelsk/Amerikaansk is gjin offisjele regel foar. Dochs is it neffens de *Nije list fan frjemde wurden* (Fryske Akademy, 2000², s. 9) oan te rieden om ek wat dy wurden oanbelanget, de regeling ta te passen sa't dy foar de wurden fan Ingelsk/Amerikaansk komôf jilde. Yn gefallen dat it tapassen fan 'e regels in *tige frjemd en ûneigen wurdbyld* opsmite soe, is it de baas en hâld de frjemde stavering oan.

Tige (*fak*)*spesjalistysk* Latyn of Italjaansk kin mar better net oanpast wurde: *a capella, ad hoc, ad interim, con amore, cum laude, foetus, in casu, sic, vice-* (sj. ek les 1).

7. De Grykske *y* bliuwt stean op alle plakken dêr't er yn it Hollânsk stiet: *type, idylle, syklus, synisme, psychology, systeem, embryo, fysikus, pyromaan*.

8. De *e* foar *-n(t)* wurdt yn it Frysk gauris in *i* [I], benammen yn wurden dy't al min ofte mear as eigen oanfield wurde: *aksint, sinteraasje, advertinsje*. Der binne ek útsûnderings op dy regel: *dentaal, identyk, entertener, entûsjasme, entiteit, fentyl, fentilaasje*. By ûnwissens dêroer moatte jo mar efkes de *Nije list* rieplachtsje.

De *e* yn de kombinaasje *-centr-* wurdt yn it Frysk altyd útsprutsen en stavere as *i*: *sintrum, konsintraasje, sintrifúzje*.

9. De wurdeinen *-ent* en *-ens* wurde stavere as *-int* en *-ins*: *assistint, dosint, elemint; forins, yntins, kondins*. Gearstallings en ôfliedings hâlde de stavering mei *-i*: *elemintêr, forinzebelesting, yntûnsivearje*.

10. De kombinaasje mei it foarheaksel *tele-* mei, as der *gjin klam* op leit, oanpast wurde oan 'e Fryske útspraak en stavere wurde as *tille-*: *tillefoan/telefoan, tillegraaf/telegraaf, tilleskoop/teleskoop*. Hat *tele-* de klam, dan is inkeld *tele-* tastien: *telefoto, telelins*.

Ferlykje ek *gene-* yn *ginneraal/generaal, resu-* yn *risseltaat/resultaat* en *rede-* yn *riddenearje/redenearje*.

11. De kombinaasjes *il-*, *im-*, *in-*, *inter-* en *ir-* wurde stavere mei *y*: *yllegaal, yllúzje; ymmigraasje, ymplisyt; yngeieur, ynsidint; ynternasjonaal, ynterdepartemintaal; yrrasjoneel, yrritaasje*.

12. De kombinaasjes *anti-*, *maxi-*, *midi*, *mini-*, *multi*, *poli-*, *semi-* en *quasi-* wurde stavere mei *y*: *antymilitarisme, maksysingel, midyset, minyrôk, multymiljonêr, polyklinyk, semy-permanint, kwasy-ûnferskillich*. Tink derom dat kombinaasjes mei *kwasy* en *semy* mei in streekje (keppelteken) skreaun wurde moatte.

13. Wurdeinen op *-i* wurde stavere mei *y*: *bamy, bikiny, fermiselly, konfetty, syaankaly*.

14. De beklamme wurdein *-ie* wurdt stavere as *y*: *amfiby, farmasy, logopedy, utopy, geometry, aristokrasjy*.

15. De wurdeinen *-ief*, *-iek*, *-iel*, *-iem*, *-ien*, *-iep*, *-iet*, *-isch* en *-ijn* wurde stavere as *-yf*, *-yk*, *-yl*, *-ym*, *-yn*, *-yp*, *-yt*, *-ysk* en *-yn*: *alternatyf, artystyk, fossyl, unanym, klandestyn, stereotyp, parasyt, grafysk, baldakyn*.

16. De wurdein *-ot*, útspraak [o:], hâldt deselde stavering mei *-ot*: *depot, maillot, trikot, paletot* (= koarte oerjas, koarte mantel).

17. De wurdein *-eau*, útspraak [o:], wurdt stavere as *o*: *buro, frikando, kado, plato, plumo*.

18. De wurdein *-é*, wurdt stavere as *ee*: *kafee, prosedee, evakuee, kûpee, employee*. Yn bûgingsfoarms, gearstallings en ôfliedings bliuwt de *ee* stean: *kafees, prosedees, evakueeke, kûpeeke, resumeeskriuwer*.

3.1.3. Staveringsopdracht

Folje no thús mei help fan boppesteande regels de folgjende letters yn: *ll/lj; a/aa; e/ee/é; o/oo; i - y/ii/i*.

- | | |
|--|--|
| 1. posti..on | 9. t...letekst (iennichste mooglikheid?) |
| 2. bû...on (hokfoar mooglikheden?) | 10. g...neraasje (kin 't ek oars?) |
| 3. ravitai...earje | 11. r...denaasje (kin 't ek oars?) |
| 4. feui...eton | 12. grouw...lich |
| 5. (in leven fan) koms... | 13. oerd...dich |
| 6. gy...otine (kin 't ek oars?) | 14. ...llustraasje |
| 7. gueri...a (hokfoar mooglikheden?) | 15. ...nterfer...sje |
| 8. t...leskoop (iennichste mooglikheid?) | 16. ...mprovisaasje |

- | | |
|----------------------------------|-------------------------------------|
| 17. ...rrelevant | 29. tend...ns |
| 18. ant...revolúsjonêr | 30. tend...nsjeus |
| 19. ant...paty (oppasse! wêrom?) | 31. orchid...ën |
| 20. ant...kwariaat (oppasse!) | 32. l...nzjer... |
| 21. mult...lateraal | 33. yndustr...en |
| 22. mult...pleks (oppasse!) | 34. s...non...m (oppasse!) |
| 23. sem...-finale | 35. d...nast... (oppasse!) |
| 24. sem...naarje | 36. s...linder (ferl. mei Hollânsk) |
| 25. salam... | 37. polem...sk |
| 26. burokras... | 38. tabl... |
| 27. korpul...nt | 39. karr... |
| 28. reg...nt | 40. prosed...ke |

De goede foarms binne wer te finen yn *Stavering* en de *Nije list*. Sykje de goede foarm op as jo net wis binne fan josels en sjoch sa út en troch jo listke mei ferbetterings troch.

3.2. Tiidwurden

Underwiislearmiddels: sjoch les 1.

1. By de *-e-* en *-je-*tiidwurden kriget dy tredde persoan meartal ornaris in *-t*: hy winsket, hy rint.

It Frysk hat tiidwurden dy't foarms hawwe yn 'e notiid, dy't oarspronklik **doetiidsfoarms** wiene, mar no de betsjutting fan de notiid hawwe. Dat binne de saneamde tiidwurden mei in *opskode doetiid* (preterito presentia). Dy krije yn de tredde persoan iental gjin *t* (lykas yn *hy rint*). By de tiidwurden *kinne*, *kenne*, *meie*, *moatte*, *sille*, *witte*, *wolle* en *doar(r)e* is dat it gefal: hy *kin*, *mei*, *moat*, *sil*, *wit*, *wol* en *doar* (hy doart bestiet lykwols ek). *Wolle* heart eins net yn it rychje thús, mar 'hâldt en draacht' him krekt-en-allyk as *kinne*, ensfh. Pas ek op foar: Hy *ken/koe* har net, 'hij kent/kende haar niet'.

2. It Frysk hat ek in bysûndere groep tiidwurden. Dy tiidwurden geane net op *-e* of *-je* út, mar op in *-n*: *dwaan*, *gean*, *jaan*, *sjen*, *slaan*, *stean* en *tsjen*.

3. Tiidwurden lykas *wolle*, *hawwe*, *sille*, *wêze*, *kinne*, *dwaan*, *stean* komme soms mei in *-n*, mar ek wol sûnder in *-n* yn de doetiid meartal foar: wy *wiene(n)*, *diene(n)*, *hiene(n)*, *soene(n)*. Histoarysk sjoen is de foarm *sûnder -n* it meast krekt en hat de foarkar (sjoch par. 3.2.1.).

3.2.1. Tiidwurde-opdracht

1. Ferbûgje de ûnregelmjittige tiidwurden *kinne*, *kenne*, *meie*, *moatte*, *sille*, *witte*, *wolle* en *doarre* yn alle persoanen, iental en meartal (no- en doetiid, mulwurd). Ferlykje de ferbûging fan de twadde persoan iental (do ...) yn no- en doetiid fan de tiidwurden *moatte* en *witte* mei-inoar. Wêr moat op skrift om tocht wurden? Wat achtsje jo de bêste standertfoarm foar it mulwurd? Wêrom?

2. Lês by swierrichheden s. 14-15 (par. 3.4) en de alfabetyske list (part B, s. 35-69) fan *Tiidwurden* en de *Beknopte Friese vormleer* (s. 54-71) nochris troch.

3. Ferbûgje (thús) de ûnregelmjittige tiidwurden: *dwaan*, *gean*, *jaan*, *sjen*, *slaan*, *stean* en *tsjen* yn alle persoanen, iental en meartal, no- en doetiid en mulwurd.

Hokfoar doetiid en mulwurd brûke jo (altiten?) by *gean*: *gie*/*gyng*/*gong*; *gien*/*gongen*? Wêrom?

Sykje yn de alfabetyske list fan *Tiidwurden* (part B) en yn de *Beknopte Friese vormleer* ris nei hokfoar foarms oft der allegearre mooglik binne. Wat is jo eigen kar? Wat betsjutte de tiidwurden *tsjen* en *oantsjen* en wêr komme jo dy noch wolris tsjin?

4. Yn in eardere printinge fan *Tiidwurden* (1989, s. 16) stie de opmerking: 'Tiidwurden lykas *wolle*, *hawwe*, *sille*, *wêze*, *kinne*, *dwaan*, *stean*, komme soms mei in *-n*, mar ek wol sûnder in *-n* yn de doetiid meartal foar, b.g.: wy *hiene* nêst wy *hiene*n; wy *soene* nêst wy *soene*n. Histoarysk sjoen is de foarm sûnder *-n* it meast krekt, mar grif ûnder ynfloed fan de tiidwurden mei in *-n* yn doetiid meartal is der in *-n* efter kommen. Beide foarms binne goed en yn de alfabetyske list is dat op 'e folgjende wize werjûn: *hiene(n)*, mar de foarkar hat de foarm sûnder *-n*.' Wat achtsje jo de gaadlikste standertfariant, dy *mei* of *sûnder -n* yn wy *woene(n)*, *hiene(n)*, *soene(n)*, *wiene(n)*, *koene(n)*? Wêrom?

3.3. Taalregels en taaleigen

Underwiislearmiddels: sjoch les 1.

3.3.1. Meartalsfoarming en steatlike styl

It Frysk hat frijwol net, lykas yn it Hollânsk, in 'statigheidsnuancering' tusken in meartalsfoarm op *-en* en ien op *-s*. Yn it Hollânsk komt men *vogels* en *vogelen* tsjin, *vingers* en *vingeren*, *hemels* en *hemelen*, *raadsels* en *raadselen*. Somtiden liedt dat ek ta in betsjuttingsferskil. It Frysk hat winliken allinnich: *fûgels*, *fingers*, *himels*, *riedsels* (*riedlings/-en*).

Bytiden komt yn it Hollânsk allinnich de *en*-foarm foar: *engelen*, *financiën*, *wonderen*, (*leer*)*middelen*, *beginselen*. It Frysk hâldt dan de *s*-foarm: *ingels*, *finânsjes*, *wûnders*, *middels*, *begjinsels*.

Soms is der tusken de Hollânske *en*- en *s*-foarms inkeld dialektferskil en gjin betsjuttingsferskil: *appels/appelen*, *mossels/mosselen*, *wortels/wortelen*. It Frysk hat: *apels*, *moksels*, *woartels*. Yn al dy gefallen hat it Frysk neffens de grûnregel (dy't ynhâldt dat mearliddige wurden dy't yn it lêste wurdlied in *-ə* hawwe, it meartal morfeem *-s* krije) allinnich in útgong op *-s* yn wurden as: *middels*, *hynders*, *lefferts* (sjoch ek les 1).

Dochs binne der in pear útsûnderings: bygelyks *kristenen* en *redenen*. It meartal *redens* (foar 'argumenten, driuwfearren, grûnen, motiven') is ek goed, mar wurdt almeast mijd, omdat it betizing jaan kin mei 'reed' ('schaats'). *Reden* kin op himsels ek meartal wêze. Foarbylden: Om wat reden hasto dat dien?; Mei rjocht en reden; Gjinn reden ferstean wolle; Ut/om dy reden ... ; Ut/om reden fan ... ('wegens'); Om *two* *reden* doch ik dat. Tamminga neamt yn syn *Op 'e taelhelling I* (s. 223) njonken *redenen* ek noch oare foarms dy't er yn steatlike styl tsjinkommen is: *ingelen*, *himelen*, *heidenen*. De lêste beide foarbylden binne mei de útgong *-en* ek opnommen yn WB-I, mar kinne better mijd wurde.

De foarm 'reden' jout semantysk mear as ien nuânse bleat. Meastal is der ferbân mei 'prate', 'sprekke', mar it kin ek 'tinke' wêze: Hy woe my net *te reden stean*; Op it lêst koe de sjoernalist Lammert *te reden komme*; Wy *wiene* inoar likernôch in oere lang *te reden* (= mei-inoar yn petear); De erflitter hat op it kantoar twa oeren mei notaris yn ('e) *reden west* (= yn petear). Ut syn *reden* (= praat) moast ik opmeitsje dat er lulk op my wie; Fal my net hieltiten yn 'e *reden*; It leit yn 'e *reden* dat dy reis jild kostet; De jonge woe mar gjin *reden* ferstean (= liet him net oertsjûgje); Wat wie de *reden* datsto net meigongst? (grûn, motyf); Wy moatte as minsken op 't lêst foar *reden stean* (= reedlik wêze, it ferstân brûke).

3.3.2. De bûging fan eigenskipswurden

In gaadlik learmiddel om wat oer de bûging fan eigenskipswurden gewaar te wurden is de *Beknopte Friese vormleer* (s. 7-13). Lês it oanbelangjende haadstik yn dat boekje ris troch.

1. *Eigenskipswurden* (Holl.: 'bijvoeglijke naamwoorden') of *adjektiven* neame eigenskippen, skaaimerken of oare bysûnderheden fan haadwurden (Holl.: 'zelfstandige naamwoorden') of substantiven: in *aardich* famke (eigenskip), hy is *grut* (skaaimerke), in *lang* petear (doer), in *sydlingse* sprong (rjochting), in *gouden* horloazje (stof), ensfh. As de bûging oerienkomt mei it Hollânsk, dan jout soks by it skriuwen yn it Frysk almeast gjin problemen.

2. Gjinn bûging (útgong) sjocht men bygelyks yn: in (*sa'n*, *gjin*, *elts*, *hoe'n*, *mannich*, *sok*, *ien*, *myn*, *jimme*) *wyt* skiep/*moai(er)* hûs. As ien fan de wurden *in*, *gjin*, *ien*, *elts*, *mannich*, *sa'n* foarôfgiet oan in *manlike* persoansnamme en foar wurden dy't in *berop* oantsjutte, dan komt de stam ek wer *sûnder* útgong foar: in (elts, ensfh.) *grut* skriuwer (dichter)/*goed* man/*ûngewoan* man. By de foarbylden mei *man* en *skriuwer/dichter* stiet it eigenskipswurd foar in manlike persoansnamme of in berop. *Sabeare ôfwikings* (gjin echte útsûnderings) dêrfan komme foar by *rangtelwurden*: in (ús) *twadde* hûs (nèt: *in [ús] *twad* hûs). Krekt-en-allyk sit it by *superlativen* (de *oertreffende* trime): in (jim) *âldste* bern.

3. De bûging kriget in útgong op *-e* yn: goede freon, leave mem, rike minsken, grutte sealen, de moaie doar, it (dit, dat) djoere boek, in goede wyn, dy hege huzen, jimme grutte jassen.

4. It is suver in stielen wet, dat as it oanfolgjend haadwurd *ûnsidich* is (in 'it-wurd'), der *gjin* bûging komt nei *in*. Dus: in *guodlik* aard, in *tsjok* ankel, in *griis* burd, in *lang* kin, in *grut* fabryk, ensfh.! Is dat in 'de-wurd', dan is de bûgde foarm regel: in *boartlike* fôle, in *stikkene* hikke, in *sloppe* koarde, in *wide* mar, in *lette* oere, ensfh. It soe *gjin* goed Frysk wêze as ien seit of skriuwt: *in *stûf* aard, *in *sear* skouder, *in *opsette* wang; of rjochtoarsom: *in *djip* mar, *in *frjemd* oarde, *in *let* oere ...

5. By stoflike eigenskipswurden dy't op *-en* útgeane, wurdt somtiden noch in *-e* tafoege: (dizze) houten(e) sketten, hy hie in moaie samling munten: gouden(e) en sulveren. Dat jildt ek foar mulwurden ('deelwoorden') dy't op *-en* útgeane: brutsen(e) pannen, dy opslûpen(e) jonges, de strutsen(e) handoeken.

By stofnammen dy't langer binne as *twa* wurdlidden of útgeane op *twa toanswakke* wurdlidden wurdt dy taheakke *-e* net brûkt: sulveren leppels, dy izeren balke, earren amers, in rubberen bal (earder: ilastiken bal), in plestiken foarkje. Troch de ynfloed fan it Ingelsk (en Hollânsk) wurdt it hjoed de dei almeast: in rubberbal, in plestikpûde.

6. In eigenskipswurd kriget by in 'it-wurd' gjin útgong as der in **besitlik** foarnamwurd (myn, dyn, syn, har(ren), ús, jim) foar stiet! Dus: myn *moai* hûs, jim *nij* boatsje, ús *Frysk* berneboek, syn *hurd* skreppen, dyn *blau* skrift, har *grien* poatlead, ús *jong* hynder, jim *lyts* famke/bern. Benammen it weilitten fan de bûging nei it besitlik foarnamwurd moat tige om tocht wurde. Dêr wurdt fierwei it measte tsjin sûndige!

Sabeare ôfwikings (gjin echte útsûnderings) dêrfan komme foar by *rangtelwurden*: ús *twadde* hûs (nèt: ús *ús *twad hûs*). Krekt-en-allyk sit it by *superlativen* (de oertreffende trime): jim *âldste* bern, Fryslâns *noardlikste* stedsje, dyn *moaiste* boartersguod.

7. Yn saneamde *emfatyske* (emfaze = neidruk, klam) foarms draacht it eigenskipswurd in sterker affekt (= gefoelswearde) as gewoanwei. Om sa'n adjektyf te yntinsivearjen, in ekstra klam te jaan, kin men dêr somtiden in *-n* efter skriuwe. Inkelde foarbylden: in dregenen baas, in bloedigenen wurk, in swidenen rop, in heislikenen leven, in gruttenen domkop, gjin djippenen tinker, sa'n ôfgryслиkenen lêst, sa'n bedroefdenen drokte, ús âffaars hawwe it kristendom (in/sa'n) gruttenen en bitterenen tsjinwar dien, ik hie in/sa'n alderheislikstenen pine. Dy útgong wurdt allinnich brûkt yn adjektiven nei *in*, *gjin* en *sa'n*.

Bûten it Fryske taalgebiet komt boppeneamd ferskynsel wol foar, al liket it by ús wol it meast gongber te wêzen. Yn tongslaggen as it Drintsk ('t Is 'n gierigenen hond') en Sieusk ('t Is 'n kwaejenen duvel') komt it bytiden foar en is emfatyske wurking oanwêzich. De bûgings-*n* hat dus alles te krijen mei de moedstastân fan de sprekker of skriuwer. Troch it tafoegjen fan de *-n* kin er de útwurking op oaren fersterkje. Men kin it ferskynsel sadwaande as *stylmiddel* brûke. Skriuwers as de bruorren Halbertsma, R.P. Sybesma en E.B. Folktertsma hawwe dat tige dien: in bêstenen promptenen (prontenen) keardel; in goedenen simpelen stedman, sa'n meagerenen skarminkel; yn in slimmenen twastriid; in steilenen opkeamer, op in sniejagerigenen sneontemiddei; (mei bûging ek fan it bywurd) in almeugendenen langen komelker; (nei eigenskipswurden fan frjemd komôf) in fatalenen oanstriid.

De ôfwiking fan 'e gewoane bûging dy't yn 'e Fryske taalkunde grif it measte stof opsmitten hat, giet oer kombinaasjes as *myn hiele libben*, *heit syn flinke mantsje* of *myn leave famke*. Ut dat soarte uterings sprekt ek nochal wat *gefoel*; se wurde 'emfatysk' brûkt. It liket te ferdigenjen dat der in apart efterheaksel *-e* bestiet dat dy *emfatyske lading* oanjout. Dêrmei soe dizze *einichste sjwa* dus ek *gjin* bûgingsútgong wêze en is dit dus ek gjin wiere útsûndering op it bûgingsskema.

8. As de adjektiven *âld*, *jong*, *lyts*, *grut*, *frij* e.o. mei haadwurden as *man*, *frou*, *feint*, *faam*, *boer*, *baas* ensfh. ferbûn wurde, dan wurdt der feitliken *ien begryp* útdrukt: de âld boer, it jong hynder, dy âld skuorre, hy is noch frij feint. By *âlde feint* leit de klam op beide eleminten, by *âld feint* allinnich op *feint*. De eigenskip *âld* wurdt yn sa'n gefal minder wichtich achte as *âlde*. De *âld man* is suver ien begryp wurden, it jout tagelyk in yntimer, subjektiver ferhâlding oan. De *âlde man* is saakliker, objektiver, mear op in distânsje. In kombinaasje mei it net-bûgde adjektyf kin maklik oergean ta in noch sterker ienheid, in 'gearstalling' of 'gearsetting': *âldfeint*, *âldfaam*, *jongkeardel*, *frijfeint*, *grutfeint*, *lytsfeint*, *lytsguod*, *lytshûs*, *âldhij* (= mantsjeljip), *âldroek*.

Yn WB-I komme foarms foar dy't oaninoar skreaun of troch in streekje ferbûn wurde: in *âldfeint* is in '(oude) vrijgezel', wylst in *âld-feint* in 'gewezen vrijer of knecht' is. Sa is in *âldfaam* in 'oude vrijster' en in *âld-faam* in 'ex-meisje, gewezen meisje' of in 'gewezen dienstbode'. In *âldboer* is net allinnich in boer dy't foar de *nijboer* op 'e pleats wenne hat en no ferfearn is nei in oare pleats, mar kin ek in 'oud-boer' of 'gewezen boer' wêze. In *âlde boer* is fansels in boer op jierren.

9. Yn it Hollânsk kin men skriuwe: Dat is een *moaie*; Jij bent me een *rare*. Yn it Frysk brûkt men yn sokke gefallen ornaris in ferbining mei *-ien*: dat is (*gj*)in (*sa'n*) moaien-**ien** (goeden-ien, minnen-ien, grutten-ien, lytsen-ien, healslitenen-ien, âlderen-ien, bêsten-ien; do bist (*gj*)in raren-ien, in djoeren-ien; sa'nen-ien (ek: sa'nen[t]), hoe'nen-ien/hoe'n-ien (ek: hoe'nen[t]).

Nei *in*, *ien*, *gjin* of *sa'n* wurdt ek gauris it *adjektyf + n* brûkt: dat is in *raren*; in âlde jas en in *nijen*; twa hynders: in *swarten* en in *brunen*; Kinst in/ien/sa'n *blauwen* brûke?; Hy is ek in *moaien*!; Witsto gjin *betteren* foar my?; Dy *djoerderen* (-*sten*) kinst wol hâlde; Der wiene gjin *tredden* by.

By *de*-wurden wurdt njonken de *en*-foarm ek wol de *e*-foarm brûkt: Sjochst dy tafel? Wat in *grutte(n)*!; Fan myn boeken binne dit de *âldste(n)*; Ik wol net in al te *djoere(n)* hawwe. As it om *minsk*en giet, dan hat de *en*-foarm de foarkar: Dy man moatsto mei oppasse: dat is in *minnen*. Dy Pier, dat is in *raren*!

10. Yn in pear isolearre gefallen skriuwe wy *-er* efter de stam as oerbliuwsel fan in âlde twadde of tredde namfal fan it froulik slachte (genus): *alderhanne*, *alderlei*, *goederjousk*, *byderhant*, *âlderwenst*, *út goederbêst*, *by de (oan 'e) krapperein komme*. By de twadde namfal fan it manlike en ûnsidige slachte komt de útgong op *-s* foar: *doedestiids*, *goedsmoeds*, *blynseach*, *bleat(s)foets*, *willensmoeds* (mei opset sin, kweawillich).

11. De wurdstam + *-er* komt ek foar yn ferbining mei *-nôch*: *langernôch*, *goedernôch*, *neiernôch*, *likernôch*, *moaiernôch*, *sterkernôch*, *koarternôch*. Yn sokke foarms wie it adjektyf oarspronklik net bûgd en it twadde diel wie *anoch*. Dus Alfdrysk *lang anoch*, by 19^{de}-ieuske skriuwers soms noch *lang enôch*.

3.3.3. Opdracht eigenskipswurden

1. Betink sels in pear stoflike eigenskipswurden dy't wol in *-e* ekstra krije kinne en in pear dêr't dat net by kin.

2. Betink sels inkelde nije kombinaasjes fan in *besitlik* foarnamwurd, in eigenskipswurd en in '*it*-(haad)wurd'. Wêrom wurdt dêr yn it Frysk faak tsjin de goede foarm sûndige?

3. Betink sels in stikmannich oarspronklike *emfatyske* kombinaasjes dy't jo as stylmiddel te baat nimme kinne.

4. Gean mei help fan it wurdboek de kombinaasjes fan in haadwurd mei *âld*, *jong*, *lyts*, *grut*, *boer* en *baas* ris nei en skriuw in pear foarbylden op. Ferlykje ek klam en betsjutting yn kombinaasjes mei en sûnder *-e* yn *better(e) betingsten*, *myn âld(e) skuon*, *in goed(e) boer/faam*, *in fet(te) ko*, *dy âld(e) strûk*; *in lyk man is in ryk man*; *in ferlegen(e) man*.

5. Betink sels in pear ferbinings mei *-ien* en in pear op *-n*. Ferlykje ris mei it Ingelsk.

6. Sykje de foarms *goedsmoeds*, *blynseach*, *bleat(s)foets*, *willensmoeds* yn it wurdboek op en skriuw de betsjutting fan *blynseach* en *willensmoeds* op.

7. Betink sels inkelde ferbinings mei *-nôch*. Foar sokke foarms is it *Omkearwurdboek fan de Fryske Taal* handich. Wat betsjut *neiernôch* en wêr kin dat *sa likernôch* as synonym fan brûkt wurde?

3.3.4. Oare taaleigenboarnen op 't aljemint

Underwiislearmiddels: sjoch ûnder les 1.

Yn les 2 hawwe wy inkelde boarnen neamd op it mêd fan it taaleigen dy't noch tige de muoite wurdich binne. Op dit plak wolle wy neame:

- Sytstra, O.H. & J.J. Hof, *Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Leeuwarden: Van der Velde, 1925. Benammen de 'Idiomatische Woordenlijst' (s. 178-274) hat wat wei fan *Op 't aljemint*.

- Sytstra, O.H., *It Frysk eigene. Forsprate Stikken oer Tael en Taelgebrûk*. Boalsert: Osinga, 1930.

Njonken it *Friesch Woordenboek* (1900-1911) fan Waling Dykstra, hat J.K. Dykstra dy boarnen út soarte tige rieplichte foar syn *Op 't aljemint*.

In tige weardefol learboekje foar it Frysk hat earder ek D.A. Tamminga syn *Styl en Stavering* west:

- Tamminga, D.A., *Styl en Stavering. Hûndert styl-, tael- en staveringsoefeningen foar Gymnasium, Lyceum, H.B.S., Kweekskoalle, Lânbooskoalle*, Utwr. Leg. Underwiis en leargonien. Grins/Batavia: Wolters, 1948.

Ut dat lêste boekje nimme wy (in part fan) twa oefenings (wat oanpast) oer. De earste oefening giet oer de '*en + ymperatyf*'-konstruksje. De twadde giet oer it brûken fan *fuort* of *wei*. Beide gefallen hawwe yn les 2 oan 'e oarder west.

3.3.5. Opdracht 'en + ymperatyf'-konstruksje

Wurkje de skeanprinte bysinnen sà om, dat der in '*en + ymperatyf*'-konstruksje ûntstiet.

1. Wy meie der wol om tinke, *om Kees strak te lokwinskjen*.

2. Wat hat sa'n aaisiker der no oan, *om de hiele dei yn it fjild om te swalkjen*.

3. Wytse wie bytiden yn 'e wille, *om him it swijen op te lizzen.*
4. Ik soe dy oanriede, *om der ris oer nei te tinken, jonge!*
5. It wurdt in poepetoer, *om yn it healtsjuster jins eigen jas werom te finen.*
6. Tsjerk wie der oars de man net nei, *om him yn in blyn aventoer te jaan.*
7. Hokfoar reden hie Hannibal, *om mei sa'n hiel leger de Alpen oer te stekken?*
8. Wat let my, *om Elbrich ris goed kjel te meitsjen?*

3.3.6. Taalregels en taaleigen: *fuort en wei*

Jarich Hoekstra formulearret yn ien fan syn 258 *Taalsnipels* (*Friesch Dagblad*, 6-9-1986 o/m 10-7-1993) in regel foar it goed brûken foar *fuort* en *wei* (yn nû. 43 oer 'Fuortrinne en weirinne', 1-8-1987): As it tiidwurd ek foarkomme kin mei *werom-* en as men mei skik freegje kin *Wêrhinne?*, brûk dan *fuort-*; kin soks net, brûk dan *wei-*.

J.K. Dykstra jout yn *Op 't aljemint* ek rju omtinken oan *fuort* en *wei* (s. 99 en 329-330). Wy nimme in stikmannich *foarbylden* fan him oer: *fuort*: synonym fan *wei*. Wy kinne se lykwols net trochinoar brûke; der is bytiden in dúdlik ûnderskie. Wurdboeken jouwe gjin útlútsel. It wurdboek fan Wumkes en De Vries set efter 'wegwerpen': *fuortsmite*, *weismite*; dat fan de Akademy allyksa.

Foarbylden: Bring de krante even *fuort*, Jan! (nei in meilêzer bgl.). Mar bring him net *wei*, lyk as lêsten (tôgje him net *wei*). Pake is *fuort* (net thús). Beppe is al *wei* (ferstoarn), Gean no mar *fuort*, Piter! (stek mar ôf). Gean dêr ris *wei*, Piter! (meitsje wat romte). Myn bril is *fuort* (te siik). Sis foaral, dat dokter *fuort* komme moat (daliks). Hy wennet *fuort* by de tsjerke (deun by). *Fuort* hoppe! (set de stap deryn!). It bern gûlde al mar *fuort* (oan ien tried *wei*, mar *fuort* en mar *wei*, oanien*wei*, aloan en *alwei*). In fjirt(s)jin dagen nei Skylge, dat wie net *wei* (de muoite wurdich). Master wie yn 'e stúdzje *wei* (joech him der tige yn). De jonge smiet de stien in hiel ein *fuort* (om te sjen, hoe fier't er koe). Doe't er syn nocht hie, smiet er him *wei* (om him kwy't te wêzen). Hja komme út 'e Wâlden *wei* (fandinne). It gie bêst, far sa mar *fuort* (gean sa mar troch). De fûgels waarden kjel en fleagen *fuort* (gyngen op 'e wjokken). Brui dy âlde skuon mar *fuort*! (smyt se mar ... *wei*!). Myn hammer is *fuort*trekke (weirekke). Soe men der net yn *wei* reitsje? (s. 99)

Wei, eigenskipswurd en bywurd:

Elk moat hjir *wei* (alle minsken moatte stjerre). Ik haw it justerjûn yn dy kâlde seale *wei* krige (skipe, te pakken). Der kaam raar wat efter *wei* (it hie slimme gefolgen). Ik haw it mar oannommen, ik koe der min foar *wei* (koe min wegerje). Pibe draaide derfoar *wei* (wûn it gat derút, ûntwûn him deroan). Alles wie op en *wei* (der wie gjin sint mear). It sike bern bleau yn 't hoastjen *wei* (koe gjin siken mear krije). Se moatte fier *wei* komme, sei de man, doe't er it popke fan tsien dagen efkes sjen mocht (tige folle waaksje en groeie en leare om folwoeksen te wurden). Allegearre in gûne jaan, dat wie net *wei* (dat wie net ferkeard). Rinnende *wei* (ûnder it rinnen). Pratende *wei* (ûnder it praten). *Wei* = stoarn, ferdwûn (s. 330).

3.3.7. Opdracht mei *fuort* en *wei*

Folje yn: *fuort* of *wei*.

1. Doe't Arjen út syn wurk ... nei hûs ta gong, hearde er ... by hûs, dat syn âlde buorman ... wie.
2. De deis foartiid hiene se him noch ...brocht nei it sikehûs, om ... makke te wurden foar in swiere operaasje.
3. Hy is ...kwynd oan in slimme kwaal, dy kaam út 'e mage ...
4. Arjen wie der hielendal yn ..., want oan ien ... moast er oan de âldman tinke.
5. Trije dagen letter hawwe se him ...brocht nei it tsjerkhôf ta.
6. No is de âlde stumper foargood út syn ljen ...
7. De famylje, dy't op begraffenis wie, moast meastepart fier om utens ... komme, mar gjinien wie ...bleaun.
8. Doe't Douwe de strjitte út ... kaam, seach er in hûn dy't mei syn pet ...fleach.
9. It bist die it sa mâl, de ein wie der fan ...
10. Hy soe krekt wer ...gean, doe't er seach, dat de hûn de pet ...tôge.
11. Hy stode der ...daliks hinne, krige sa yn de rin ... de pet op, mar moast him ...smite, want hy wie alhiel tebiten en ta ...smiten keard.
12. Wat der op it wurk allegearre tsjin him sein is, sille wy hjir mar ...litte.

3.3.8. Taaleigen en taalregels út *Mei freonlike groetnis*

Lês út *Mei freonlike groetnis* s. 40-55 troch en meitsje oantekens. Jou spesjaal omtinken oan:

- *frjemde wurden*: de haadregel foar de stavering fan frjemde wurden dy't útgeane fan 'e Hollânske staveringfoarm, moat goed achtslein wurde; *beklamme wurdliiden wurde oanpast oan de Fryske stavering fan (twa)lûden*: *Amearika*, symboal, kultuer, harmoanysk, anekdoatysk, eroatysk, motoarysk, folkloare (de *Nije list* stiet 'folklore' ek ta, mar de *Taalhelp* net), ensfh. Sûnder klam bliuwt it (ien)lûdteken stean: Amerikaansk, symbolisearje, ensfh. Ferlykje de staveringregels fan De Haan ris mei dy fan de *Nije list fan frjemde wurden* (s. 9-13), benammen de

regel foar wurden út oare talen as Frânsk en Ingelsk. De Haan wol dy (noch) net oanpasse (syn boekje is fan 1995), wylst de *Nije list* de regeling foar wurden fan Ingelsk/Amerikaansk komôf oanriedt (s. 9; de twadde printinge is fan 2000).

- *getallen*: de basisregel is dat oaninoar skreaun wurde: getallen 1 - 100 (sân, sant[s]jin), getallen dy't útgeane op *hûndert* en *tûzen* (twaenfjirtichhûndert, njoggentûzen) en rangtelwurden dy't ôflaat binne fan dy beide groepen (trijehûndertste, njoggentichtûzenste). Alle oare getallen wurde los skreaun (besjoch de foarbylden).
- *it gûne- en euroteken*: krekt as nei de *f* komt nei it euroteken in *spasje*: €12,50 (*Schrijfwijzer*, 2002, s. 207). Ek: 12,50 euro [inkeldtal]; EUR 12,50 (ferl. USD 12,50; GBP 12,50).
- *haadletters*: foar it skriuwen fan teksten is it goed brûken fan haadletters fan belang. It is lestich om te ûnthâlden. De Haan wijt der mear as fiif siden oan en Renkema yn syn *Schrijfwijzer* mear as acht siden. By twifel moat *Mei freonlike groetnis* (of de *Schrijfwijzer*) dus rieplachte wurde. Tink om: persoansnammen: frou Wiersma-van der Berg, de hear v. Dyk (V. Dyk is bygelyks Victor Dyk); nammen fan talen en dialekten: Aldfrysk, Standertfrysk, Westleechfrankysk. Yn *langere* nammen kriget it earste wurd in haadletter en fierder almeast elts haadwurd, eigenskipswurd, tiidwurd, bywurd of telwurd: Feriening Freonen fan Omrop Fryslân.

Nammen fan *tiidrekken* en *histoaryske foarfallen* krije in haadletter: Klassike Aldheid, Krústochten, Midsieuwen, Gouden Ieu, Romantyk, Renêssânse, wylst de ôfliedings dêrfan mei in lytse letter skreaun wurde: pleistosene foarmings, romantysk.

De nammen fan *streamings* krije yn de regel ek in lytse letter: kristendom, humanisme, kommunisme, liberalisme, lykas ek de *oanhingers* fan tsjerken, maatskiplike en kulturele streamings: roomsk-katoliken, humanisten, sosjalisten.

- *har-sykte*: Jitris de opmerking dat it Frysk, oars as yn it Hollânsk, by *de*-wurden gjin ûnderskied tusken *grammatikaal* manlike en froulike wurden makket. By in *de*-wurd dat it *biologyske* slachte oanjout, leit dat almeast oars. Grammatikaal: De plant stiet hjir net goed, *hy* moat op in oar plak stean; De mûs rint fuort mei *syn* sturt omheech. Biologysk: De breid seach wat raar, want *har* kroantsje siet bryk. By *abstrakte* wurden (leafde, moed, keunst, frede, oarloch, trou, trochsettingsfermogen) jouwe wy de foarkar oan de *manlike* foarm (*hy*, *him*, *ensfh.*).
- *hollannisme*; it wurd *hollannisme* dat De Haan mei twa *n'en* skriuwt, is gearstald út hollan+*nisme*. De útgong *nisme* moat *fansels -isme* wêze. Wy skriuwe de ekstra *-n* ek net by **germannisme*. Wy hearre it dus mei ien *n* (hollan+isme) te skriuwen. Kin *hollânisme* neffens jo ek? Tamminga brûkt it yn *Styl en Stavering* (Wolters, 1948, s. 35). De staveringskontrôle/Taalhelp jout: *hollanisme* en *hollandisme*. Wat tinkt jo fan dy lêste foarm?
- *ienheden*: *mjitten* dy't fan in persoansnamme ôflaat binne, ferfryskje wy winliken net: *volt* (de staveringskontrôle jout *fol*).

3.3.9. Griemank út *Op 't aljemint of oare boarnen*

folle

As Friezen inoar in goed nijjier tawinskje, dan dogge se dat faak mei de fêste formule: *Folle* lok en seine. Grif hat it Hollânsk mei syn '*Veel* heil en zegen' ynfloed hân. In Fries kin better folstean mei: Lok en seine. *Folle* flessen binne yn it Frysk net leech en *folle* pongen binne net plat. *Folle* kin hjir dus net oersetten wurde mei 'vele'.

By in fergruptsjende trep stiet neat it brûken fan *folle* yn 'e wei: Dizze tafel is *folle* grutter as dy oare; Dat haw ik *folle* leaver; It is hjoed *folle* kâlder. Dyselde bywurdlike funksje giet ek op foar sinnen as: Dy twa lykje *folle* op inoar; Der wurdt *folle* sein dat net wier is; Hat it *folle* holpen? *Folle* lêze ferrommet de geast; Se binne *folle* byinoar; Ik bin jûns *folle* thúis; In hannelsman is *alfolle* op reis; Yn 'e Wâlden wurdt foar sneon *alfolle* saterdei sein.

Wurdt *folle* yn it Frysk predikatyf brûkt (wat ferienfâldige sein: as it nèt foar in haadwurd stiet en it nei in tiidwurd komt), dan is der dus gjin funksjoneel ferskil dat makket tusken it Fryske 'folle' en it Hollânske 'veel': Fiihûndert gûne, neamsto dat *folle*? Hy yt *tefolle*; Hja praat fierstente *folle*; Der is net *folle* oan.

Folle kin yn 't Frysk gauris nèt allinnich/op himsels brûkt wurde, wòl yn kombinaasjes: *tefolle*, *net folle*, (*wit*)*hoefolle*, *alfolle* ('veelal, vaak'), *safolle*, (*al*)*likefolle*. It is de boer *allikefolle*, oft de ko skyt of de bolle.

Datselde kin nèt sein wurde by it attributyf brûken, d.w.s. as it as op eigenskiplike wize fuortdaliks ferbûn wurdt oan in haadwurd of oar selsstannich wurd (dus der ornaris foar setten wurdt). *Hy hat *folle* jild; *Ik tref *folle* minsken; *Der

barre *folle* ûngemakken' komme in goefries net sa maklik ta de mûle út. Hy brûkt dan leaver telwurden as 'in *soad*, in *protte*, in *heap*, in *boel*, in *knoarre*, in *slompe jild*', ensfh.

In wat ferâlderjend synonym fan 'folle' is 'rju': Der misse *rju* pannen fan it dak; Oan de *rju* eale/achte/learde hear; Mei *rju* achtinge (wurdt mear brûkt); Jo hawwe fan *gâns* dingen ferstân; Der sil *frijwat* gong yn it wurk. By it selsstannich brûken fan it telwurd kin it sa: *Mannichten* ('velen') binne roppen; Wy binne *machtich* ('wij zijn velen').

ge-

It foarheaksel *ge-* wurdt troch Fryske skriuwers gauris miid, omdat de foarm wol wat fan it Hollânsk wei hat. Op himsels kin men dêr ynkomme. Mei in aardich rychje wurden kin dat net. Tink mar oan: *gesicht*, *genôch*, *gerive*, *gemien*, ensfh.

Mar it falt in bûtensteander dy't Frysk heart, daliks op dat ús taal, oars as it Hollânsk, har ôfslutende mulwurden ('voltooidde deelwoorden') foarmet *sûnder* help fan it foarheaksel *ge-*: (ik haw) sjoen, brutsen, bûgd, bret, (ik bin/it is my) slagge. It Frysk stiet fandatoangeande mear oan de kant fan it Ingelsk en it Hollânsk oan 'e kant fan it Heechdútsk.

Lang net altyd kin men *ge-* lykwols weilitte, omdat der dan betsjuttingsferskil ûntstiet: *doge - gedoge*; *bea - gebea*; *gesicht - sicht*, *sang - gesang*; De klok giet net lyk/hja binne lyk - Ik jou dy gelyk; Dy man hat in grut gebrek - Yn dy pols sit in brek; De keapman joech op 't lêst gelok - It lok tsjinnet him; Hy hat gelokkich (= fertúnlik) west mei it ferkeapjen fan syn âld auto - It jonge pear fielt him lokkich ('ynderlike tastân') en tefreden yn har nij hûs; in ûngelokkich berntsje (= hendikept, breklik en beheind fan lea)/in ûngelokkige (= ûnfertúnlike) hurdrider - in ûnlokkich houlik, ensfh.

Al is it foarheaksel *ge-* fan âlds faaks *liend* guod, it kin by net minder as fjouwer wurdsoarten foarkomme:

- *tiidwurden*: gebiede, genietsje, genêze, geneare (= de kost fertsjinje; jin behelpe), *gedoge* e.o.

- *haadwurden*: gerak, gerjocht, geslacht, getal, gebod, gefaar, gewisse e.o.

- *eigenships- en bywurden*: gewant (= stevich, sterk), geweard (= stevich, sterk fan minske of bist), gewoan, geskikt e.o.

Hûnderten haadwurden kin men foarmje troch *ge-* foar de stam fan tiidwurden te setten: gepraat, geklei, gerin, gepiip, getjirch, gebiddel, gejammer, gehúshimmel, gekofjedrink, ensfh.

Guon út it Hollânsk oernommen *ge-*foarms wurkje yn it Frysk idioomfoarmjend. Yn sinnen werjûn: *Nei alle gedachten* [tinken] hat er it net dien (= nei alle wierskyn; foar 't neist(e); fan neisten); Dat *gebraden(tsjje)* is net goed gear; Ik lit my neat oan him *gelegen* lizze: Hy soe syn kollega wolris efkes *geweken* nimme; Dêr is *allegeduerigen* wat te rêden; De jonge lju steane ûnder de *geboadens*; Wy hawwe gjin *gedoente* mei de buorlju; Ierdappels mei swiet jout gjin *gefallichheid* (= 'onaangenaam'); Hja wol gjin *gemienskip* mei dy fint hawwe; Dat paad rint oer myn *gerjochtichheid*; Apelsmots yt ik allinnich as *neigesetsje*; Al *neigeraden* (sa stadichoan) waard it letter; Immen *ûngewosken* de wierheid sizze; Wy kroepen op in *ûngemakke* (= net opmakke) bêd; Eat *ûngedien* meitsje; in *ûngediene* (rûge, sloarderige) boel; slûch, wurch en *ûngedien* (= ôfmêde); mislik en *ûngedien* (= net fit).

**Gegeven* is in hollânisme en moat men (ek) yn teksten mar safolle mooglik mijsje. WB-I seit it neikommende oer dat lemma: *feit*; voor thema van een geschrift: *tema, ûnderwerp*; in de wiskunde: *bekende*. 'Gegevens': *feiten, ynlochttings, data, materiaal, sifers*. Technyske **gegevens*: technyske *bysûnderheden*. Dat is een vast gegeven: *dêr geane wy fan út*. Somtiden past *ynformaasje* ek wol.

**heechút en *minstens*

'Hooguit' mei yn it Frysk net oersetten wurde mei **heechút*. Dat moat wêze: *op syn heechst, op 'en heechst, op syn heechsten*.

*'Minstens' doocht allikemin. Dat moat wurde: *op syn minst(en)*. 'Hij is minstens zo groot als ...' wurdt: *op syn minst(en) sa grut as, ryklik sa grut as ...*

heine en fange

Heine betsjut yn it Hollânsk 'opvangen': de bal, in keal, reinwetter *heine*. Sied *heine* is 'zaad winnen'. Men kin immen *heine* en slaan, d.w.s. 'op schonende wijze behandelen, iemand naar de zin praten'. It bywurd *hein* giet tebek op 'hân', dat 'tichteby de hân, nei' betsjut.

Fangbal (op 'e gymnastyk) is dus eins gjin goede foarm, want it giet om in sport dêr't men de bal 'yn 'e flecht of yn 'e fal (mei de hannen) grypt'. Dat sit ek sterk yn bygelyks: In bal *opheine*; Ik sil myn suster ûnderweis *opheine* en hjirhinne bringe; Hy hie dat berjocht fan 'e radio *opheind* (mei de earen ta jin nimme). In kealtsje of fôltsje kin lykwols ek 'fongen' wurde (sj. ek s. 76 fan *Op 't aljemint*).

As it objekt net op jin takomt, in oare kant út giet of wol en men der sels efteroan sitte en it sa krije moat, dan brûkt men ornaris *fange*: in flie, bears, dief *fange*. Mar in heech dak *fangt* ek gâns wyn (= tsjinhâlde).

hoege en doar(r)e

Mei de tiidwurden *hoege* en *doarre* is it oppassen yn it Frysk! 'Dat had je niet *hoeven te doen*' wurdt yn geef Frysk: Dat hiesto net *dwaan hoege*. 'Ik weet dat wij niet *hoeven te wachten*' wurdt: Ik wit dat wy net *wachtsje hoege*. De Hollânske wurdskikking yn de earste foarbyldsins is: ynfinityf + 'te doen' der efteroan. It Frysk hat de ynfinityf *dwaan* + ôfslutend mulwurd fan *hoege*, sûnder (it skeakelwurdsje) 'te'.

Sa'n ferskil yn wurdskikking oppenearret him ek by *doar(r)e*. 'Dat heeft hij niet *durven doen*' wurdt: Dat hat er net *dwaan doarst* (*doar(r)en, doard*) (wat wurdt jo standert?). 'Ik weet niet of ze *durven te lachen*' wurdt: Ik wit net oft se *laitsje doar(r)e*.

Ferlykje ek ris mei it Hollânsk: Hy moast it ris *weagje doar(r)e*; Ik *doar* it net *dwaan/sizze*; Ik *doar* frij de holle *opstekke*. De ekonomyske tastân freget om in belied dat it mês yn it fleis *sette doar*. Ferlykje de Fryske ek mei de Ingelske skikking yn: How *dare you say* such a thing?

Wat is it ferskil? It Hollânsk hat de konstruksje fan in ynfinityf + 'te doen' der efteroan. It Frysk hat de ynfinityf 'dwaan' *folge troch it ôfslutend mulwurd fan 'hoege', sûnder it skeakelwurdsje 'te'*. Sa'n ferskil yn wurdskikking oppenearret him ek by *doar(r)e*.

Frijichheden as 'Dat hiest net **hoege te dwaan*' of 'Dat hat er net **doarst te weagjen*', dy't men soms by wankelpraters of skriuwers observearret, kin men better as ûneigen mijne.

Wat is de oarsaak dat de geve Fryske skikking mei de tiidwurden *hoege* en *doarre* bedrige wurdt? Dat kin komme troch Hollânske ynfloed en troch oare Fryskeigen konstruksjes as: Ik *hoech* net *te kommen*; Hy *likt* siik *te wêzen*; Do *sitst te seuren*; Wy *geane te fiskjen*; Se *sizze* dat er *skynt te wurkjen*; Ik seach derfan op dat se *blykt te smoken*. Ynterne analogywurking kin hjir dus ek swier oanweage.

Yn in oare les jouwe wy in opdracht oer de wurdskikking fan *hoege* en *doarre*.

3.3.10. Taalsoarch: Douwe Kalma (I)

Douwe Kalma hat gâns omtinken jûn oan taaleigen en taalsoarch. Yn *Freegje mar fierder! In ynlieding ta it Frysk taeleigen [foarste dieltsje]* (Boalsert, Osinga, 1943) neamt er *suverens* en *rykdom* as de twa eigenskippen dy't it *wêzen* fan taalbloei útmeitsje. Tusken dy beide begripen sjocht er in sterk ferbân. Hy hat grutte wurdearring foar Waling Dykstra, dy't in grutte rykdom fan wurden en siswizen ta syn foldwaan hie, en dêrby krityskernôch foar wat de lju om him hinne seine, oerstie om hieltiten wer op te kommen tsjin frjemde 'oerwaaisels en ynslûpsels'. Hy neamt in stikmannich: *u, sich, toen, sleutels, boven, wie, welke, terug, nooit, geloof, gedachte*. Wurden as *deugd, jeugd* ('jonkheit, jongerein') en *freugde* ('blidens') achtet er likegoed hollânismen en *gelegenheid* soed er ferfange wolle troch 'talís' ('elts lid is yn 'e *talís* om syn gerak te krijen').

Hy wiist derop dat men gjin suver Frysk kriget mei allinnich Fryske wurden. Men moat se brûke yn 'e Fryske trant of siswize, oars begjint it Frysk te lijen oan bloedearmoede.

In pear jier letter skriuwt Kalma ûnder it pseudonym S.W. Douma, *Frysk taeleigen-boekje I, It túch der út!* (Drachten: Laverman, 1946; Rige Lytse Paedwizers – 2) en *Frysk taeleigen-boekje II (mei kaei). It goede krûd*. (Drachten, Laverman, 1946; Rige lytse paedwizers – 3). Yn it earste boekje neamt er yn syn ynlieding ûnderskate foarms fan taaltúch (almeast hollânismen) dy't hjoed de dei ek noch gauris te hearren binne: *tante, ramen* ('glêzen, finsters'), *bûtendoar* ('útdoar'), *wychje* ('widze, widske'), *oait* ('ea'), *noait* ('nea, nea net'), *ergens* ('earne'), *nergens* ('nearne, nearne net'). Fierders jout Kalma goed fyftich bysûndere gefallen (Hollânsk - Frysk) neffens wurdsoarten (tiidwurden, haadwurden, ensfh.) rubrisearre. Wy dogge dêr (omstaveren) in lytse kar út.

1. *doar(r)e*

Die *durft* zich wel *te laten gelden*. - Dy *doar* der wol *wêze*.

Nei *doare* kin men de foarm mei *te* better mijne.

2. *hoege*

Dat *behoefje* niet te *zeggen*. - Dat *hoechst*o net *te sizzen*.

Dat zullen wij niet *behoeven te leren*. - Dat sille wy wol net *leare hoege* (of: *hoege te learen*).
Dat hebben wij niet *hoeven leren*. - Dat hawwe wy net *leare hoegd* (of: *hoegd te learen*).

Hoege kin sûnder *te* as der *sille* of *hawwe* foarkomt.

3. *slagje*

Daar zal hij niet in slagen. - Dat slagget him net.
Ik heb er niet in mogen slagen. - It hat my net slagje meien.
Slagen voor een examen. - Troch in eksamen komme.
Geslaagd. - Der troch.
Een slecht geslaagde foto. - In min útfallen, min betearde foto.

It Fryske *slagje* wurdt troch de bank *ûnpersoanlik* brûkt (mei *it* en *dat*).

Persoanlik wurdt it brûkt yn wat oare betsjutting:

Hy is nei Ljouwert slagge (= dêr terjochte kommen); ik bin dêr foar de froast weislagge (= haw dêr weikomme kinnen).

4. *fine*

Dat vind ik mooi staan. - Dat stiet moai, tinkt my.
Ik vind het een fijne film. - Wat in moaie film is dat!
Ik vind het ellendig weer. - Dit is by my gjin waar.
Ik vind dat je zo iets niet doen moet. - My tinkt, do moattst soks net dwaan.
Ik vind dit wel zijn beste werk. - By my/neffens my is dat wol syn bêste wurk.

Foar it Hollânske *vinden* foar ‘van mening zijn’ moat it Fryske *fine* net brûkt wurde. Foar it Fryske fielen rint men sa tefolle mei jins betinken te keap. Tink foaral ek om:

Dat vind ik onwaarschijnlijk. - Dat wol my net oan.
(Dat wil er bij mij niet in.) - (Dat wol net yn my del.)

5. *tinke*

Heb je daar wel *aan* gedacht? - Hasto dêr wol *om* tocht?
Ik denk altijd *aan* haar. - Ik tink altyd *oan* har.
Pas wat op die kleine jongen. - Tink wat om dy lytse jonge.

Tinke oan wol dus sizze: mei jins tinzen wêze by. *Tinke om*: aktiver, net ferjitte wat te dwaan. Ferlykje: tink derom, heite! En it blomke Tink-oan-my; in *oantinken* (= sûvenir) en *omtinken* by 't wurk hawwe (= stúdzje).

Een goede gedachte. - In goed idee, in goed tinkbyld.
Naar alle gedachten. - Nei alle tinken.
Mag ik je daaraan herinneren? - Mei ik jo dat yn 't sin bringe?
Ik herinner mij nu. - It komt my yn 't sin.
Gedachte(n). - Tins, tinzen.
Ik kan mij nog herinneren. - It mei my noch tinke.
Een zoete herinnering. - In swiet tebinnenbringen.

Yn ferbân dêrmei:

Hij heeft nog een goed geheugen. - Hy hat noch in goed ûnthâld.
Ik veronderstel dat dat nog wel wat - Ik ornearje, dat sil noch wol wat oanhâlde.
duren zal.
Ben je dat nu al weer vergeten? - Is dy dat no al wer fergeffen?

6. *trekke en lûke*

Yn inkelde gefallen kin ‘trekke’ brûkt wurde yn it Frysk (ferl.: In priis út 'e lotterij trekke; Earne fan trekke (= ‘ergens voordeel van behalen’); Fan 'e bystân trekke; De skoarstien wol net trekke; It trekt yn 'e feart no't de slûs iepen is; De tee moat earst trekke; De fûgels trekke nei it suden. Yn alle oare gefallen is it ferkrongen fan *lûke*.

De schoenen aantrekken. - De skuon oanlûke (oantsjen).
Een nummer trekken. - In nûmer lûke.
De neus optrekken. - Oan 'e noas lûke.

Tink om de ferfoarming fan *tsjen*: ik tsjoch, ik teach, ik haw/bin tein. De haadnamme *trek* wurdt folle mear brûkt: in *trek út* 'e lotterij; gjin *trek yn* 'e skoarstien, yn *trek wêze*.

Ik heb vandaag niet veel trek.	-	Ik haw hjoed net folle sin oan iten.
Hij neemt de gelegenheid te baat.	-	Hy nimt syn trekken waar.
Wie de schoen past, trekke hem aan.	-	Dy't in noas hat, kin mar rûke.

7. ynkoarte sinnen

It is it Frysk eigen om it *sûnder tiidwurd* te stellen yn gâns gefallen dêr't it Hollânsk wol in tiidwurd brûke moat, bygelyks:

Ik moet nu maar eens aanstalten maken om te vertrekken.	-	Ik moat no mar ris risselwaasje meitsje om fuort.
Ik heb niet veel lust om daarheen te gaan.	-	Ik haw der net folle sin oan om dêrhinne.
Jij moet nu eerst boodschappen gaan doen.	-	Do moatst no earst om boadskippen.
Ik zag er eigenlijk tegenop (om) daar weg te gaan.	-	Ik soarge der suver tsjinoan om dêrwei. (of: Ik soarge dêr suver wei.)
Het is bedtijd.	-	It is tiid om op bêd (= bêdgongerstiid).

8. mines (ensfh.)

Is dat van u of van mij?	-	Is dat jowes of mines?
Een vriend van hem.	-	In freon fan sines.
Vele kennissen van ons.	-	In bulte kunden fan uzes.
Ik heb een week bij hen gelogeed.	-	Ik haw in wike by harres útfanhûze.

Ferlykje ek by haadwurden:

Bij grootvader was dat een vaste gewoonte.	-	By pakes wie dat in fêste wenst.
Land van tante.	-	Lân fan muoikes.
Bij buurman lijkt het wel een janboel.	-	By buormans leit it der nuver hinne.

Nei ferhâldingswurden, benammen *fan*, brûkt it Frysk faak de *besitsfoarm*, as der net allinnich doeld wurdt op 'e persoan sels, mar op syn hiele hawwen-en-hâlden.

9. dizze, dit

De oanwizende foarnamwurden 'dizze' en 'dit' wurde yn it Frysk gauris te ûnpas brûkt. Almeast moat it 'dy' of 'dat' wêze.

Hij had er zijn vader over gesproken, maar <i>deze</i> weigerde ronduit.	-	Hy hie der syn heit oer te wurd west, mar <i>dy</i> wegere planút.
Toen de nood aan de man kwam, leek Gerard besluiteloos; <i>dit</i> viel zijn vriend tegen.	-	Doe't de kniper op 'e skine kaam, like it, Gerryt koe net út 'e rie komme; <i>dat</i> foel syn freon ôf. (yn sokke sinnen mei <i>dat</i> wurdt nei in 'antesedint', in <i>foarôfgeand</i> feit [omstannichheid, hanneling, útspraak] wiisd mei in <i>dy-</i> of <i>dat-sin</i> as <i>gefolch</i>). Ferl. ek FW-2: 'pron. <i>dizze</i> ; bij terugverwijzingen meestal: <i>dy</i> ' (s. 144).

Dizze en *dit* tsjutte yn 't Frysk allinnich oan wêr't men op wiist; *dit* wiist yn it Frysk èk mear foarút as yn it Hollânsk (ferl.: *Bydragen ta de didaktyk* [...], 1982, s. 35):

Deze hond vind ik mooi.	-	<i>Dizze</i> hûn mei ik graach lije.
Maar dit heb ik mij vast voorgenomen, dat ik mij daar in het vervolg niet meer inlaat	-	Mar <i>dit</i> haw ik fêst foar my nommen, dat ik dêr tenei bûten bliuw. (yn <i>dizze</i> lêste sin wurdt foarút wiisd nei wat noch komt; ferl. ek: Ik sil dy <i>dit</i> sizze, jonkje, asto it wer dochst, dan sil ik dy ...)

10. ferhâldingswurden

Mei it goede brûken fan *ferhâldingswurden* ('voorzetsels') harket it yn it Frysk nau. Tink om it folgjende:

Van (af) Leeuwarden.	-	Fan Ljouwert ôf.
Naar de stad.	-	Nei (de) stêd ta.
Tot drie uur.	-	Oan trije oere ta (oant trijen).
De deur uit.	-	Ta de doar út.
Het huis in.	-	Ta it hûs yn.
Langs de weg.	-	(By) de wei lâns.
Op die manier.	-	Lâns dy wei.

Vlak tegenover de kerk.	-	Lyk foar de tsjerke oer.
Vóór tien jaar.	-	Neist tsien jier, tsien jier lyn.
Waarschuwen tegen.	-	Warskôgje foar.
Beschermen tegen.	-	Beskermje foar.
Een middelste tegen.	-	In middelste foar.
Bang voor onweer.	-	1. Bang <i>fan</i> swierwaar (as it der is); 2. Bang <i>foar</i> swierwaar (dat it komme kin).
Ik kan er niet tegen.	-	Ik kin dêr net oer.
Ik hield op met lezen.	-	Ik hold op fan lêzen.
Houd op met dat geschreeuw.	-	Hâld op mei dat geraas.
Er is iemand bij de deur.	-	Der is ien (wa) oan 'e doar.
Zeer in zijn schik.	-	Tige op 't skik.
Naar bed gaan.	-	Op bêd gean.

3.4. Eigen wurk (30-45 min.)

Sjoch de opdracht by les 1. As it nedich is, wurdt it eigen wurk fan de foarige kears plenêr besprutsen.

Korreksjebled(en) opdrachten les 3

3.1.1. Staveringsopdracht

Korreksje: kariljon, portefeuille (portefúlje), twa, sjesa, widdo, teewetter, seeën, mandélich, oerémis, tebrekke, slop, kladde, fanke, finster, telelins (wêr leit de klam?), uterlik, nijsgjirrich, tillevyzje (wêr leit de klam?), anty, histoarisy, taksy, pyromaan, piramide, yllegaal, priis, pryske, tydskrift, hyt, hite, prizen

3.1.3. Staveringsopdracht

Korreksje: postiljon, bûljon (bûillon; de staveringskontrôle jout hjir *bûllon*), ravitaillearje, feuilleton (ek: fúljeton), komsa, gyljotine (ek: gillotine; staveringskontrôle jout *gyljetine* en *guillotine*), gerilja, guerilla (stav. kontrôle: *guerilja*), teleskoop (tilleskoop; wêr leit de klam?), *teletekst* (*tele* hat de klam), generaasje (ien foarm), redenaasje (ek: riddenaasje), grouwélich, oerdédich ('overdadig'), yllustraasje, ynterferinsje, ymprovisaasje, yrrelevant, antyevolúsjonêr (staveringskontrôle: anty-revolusjonêr), antipaty (staveringskontrôle: antypaty), antikwariaat, multylateraál, multipleks, semy-finale (*Nije list*: ek: *semi*-permanint njonken *semy*-permanint, dus leit *semi*-finale ek foar de hân, s. 146), seminaarje, salamy, burokrazy, korpulint, regint, tendins, tendinsjeus, orchideeën, linzjery, yndustryen, synonym, dynasty, silinder, polemysk, tablo, karree, prosedeeke. Wy hâlde ús oan de *Nije list* en net oan de staveringskontrôle.

3.2.1. Tiidwurde-opdracht

Wat oer ûnregelmjittige tiidwurden is yn de 6^{de}, revisearre printinge fan *Tiidwurden* (Eisma en Popkema, 2000) te finen yn par. 3.4. en yn de B-list (s. 35-69), wylst Hoekema yn syn *Beknopte Friese vormleer* (1996) yn de siden 54-71 omtinken jout oan de sterke en ûnregelmjittige tiidwurden. Besjoch dy ris.

3.3.5. Opdracht mei de 'en + ymperatyf'-konstruksje

Korreksje:

1. (...) en lokwinskje Kees strak.
2. (...) en swalkje de hiele dei yn it fjild om.
3. (...) en lis him it swijen op.
4. (...) en tink der ris oer nei, jonge!
5. (...) en fyn yn it healtsjuster jins eigen jas werom.
6. (...) en jou (weagje) him yn in blyn aventoer.
7. (...) en stek mei sa'n hiel leger de Alpen oer?
8. (...) en meitsje Elbrich ris goed kjel?

3.3.7. Opdracht mei *fuort* en *wei*

Korreksje:

1. Doe't Arjen út syn wurk *wei* nei hûs ta gong, hearde er *fuort* by hûs, dat syn âlde buorman *wei* wie.
2. De deis foartiid hiene se him noch *fuort*brocht nei it sikehûs, om *weimakke* te wurden foar in swiere operaasje.
3. Hy is *weikwynt* oan in slimme kwaal, dy kaam 'e mage *wei fuort*.
4. Arjen wie der hielendal yn *wei*, want oan ien *wei* (oanien*wei*) moast er oan de âldman tinke.
5. Trije dagen letter hawwe se him *fuort*brocht nei it tsjerkhûf ta.
6. No is de âlde stumper foargoed út syn lijen *wei*.
7. De famylje, dy't op begraffenis wie, moast meastepart fier om utens *weikomme*, mar gjinien wie *weibleaun*.
8. Doe't Douwe de strjitte út *wei* kaam, seach er in hûn dy't mei syn pet *fuort*fleach.
9. It bist die it sa mâl, de ein wie der fan *wei*.
10. Hy soe krekt wer *fuort*gean, doe't er seach, dat de hûn de pet *weitôge*.
11. Hy stode der *fuort*daliks hinne, krige sa yn de rin *wei* de pet op, mar moast him *fuort*smitte, want hy wie alhiel tebiten en ta *weismiten* keard.
12. Wat der op it wurk allegarre tsjin him sein is, sille wy hjir mar *weilitte*.